

Provinsjale Steaten fan de Provinsje Fryslân
Fraksje fan de FNP
Att. dhr. W. Veenstra en dhr. S. Knol
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 6 oktober 2020

Stjoerd,

- 6 OKT. 2020

Us skaaimerik : 01800917
Opjefte : Bioferskaat, lânskip en wetter
Skriuwer : 
Jo skaaimerik : 01798185
Underwerp : Beântwurding skriftlike fragen oer de ynfolling fan de moasje frjemd
(wolf)

Achte hearen Veenstra en Knol,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 18 septimber 2020, beântwurdzje wy as neikomt.

Ynlieding

RTV Drenthe kaam op 17 septimber mei it berjocht dat de wolf him no definityf festige hat yn Drinte. De wolf is sjoen yn in grut gebiet oan beide kanten fan de A28, en soe ek sa no en dan wolris in dei nei Fryslân en werom rinne kinne.

De provinsje Drinte hat al in skoftsje in gebietskommisje om te regeljen hoe't der mei de oanwêzigens fan de wolf, dy't wetlik beskerme is, omgien wurde moat, bygelyks troch beskermjende maatregels foar skiep. Yn de kommisje sitte fertsjintwurdigers fan de skieppesektor, lânbou- en natuerorganisaasjes. Boargemaster Harry Oosterman fan Eaststellingwerf is de foarsitter fan de gebietskommisje.

By de behandeling fan in moasje oer de wolf yn de Steaten fan 17 juny hat it Kolleezje tasein kontakt te hâlden mei de gebietskommisje yn Drinte om op de hichte te bliuwen fan de ûntwikkelings.

Fraach 1:

Is it Kolleezje op de hichte fan de definitive festiging fan de wolf yn Drinte?

Antwurd fraach 1:

Wy hawwe dêr kennis fan nommen.

Fraach 2:

Yn Provinsjale Steaten fan 17 juny is in moasje oannaam om de wolf út Fryslân wei te hâlden/te behearen en Fryslân as wolvenfrij gebiet oan te wizen.

Kin it Kolleezje ús ynformearje oer yn hoefier't it útfieren fan de moasje yn oerienstimming te bringen is mei nasjonale, Europeeske en ynternasjonale regeljouwing?

Antwurd fraach 2:

Der binne in tal aksjes yn gong set dy't essinsjeel binne foar de beäntwurdiging fan jo fraach. Op it stuit is it noch wachtsjen op de útkomsten dêrfan. Dêrom wolle wy jimme Steaten ynkoarten, mei in brief, ynformearje oer de stân fan saken en de útfierberens fan de moasje.

Fraach 3:

By de behanneling fan in moasje oer de wolf yn de Steaten fan 17 juny hat it Kolleezje tasein kontakt te hâlden mei de gebietskommisje yn Drinte om op de hichte te bliuwen fan de ûntwikkelings. Is dat al bard? As dat it gefal is, kin it Kolleezje dan oanjaan wat de folgjende stappen binne? As dat net it gefal is, wêrom noch net?

Antwurd fraach 3:

Om mear te witten te kommen oer de Drintske gebietskommisje binne kontakten lein mei de foarsitter en de sekretaris fan de gebietskommisje. Op basis dêrfan wurde fierdere stappen taret en yn gong set. It idee is om in gebietsplatfoarm op te rjochtsjen om taret te wêzen op in mooglike fêstiging fan de wolf yn Fryslân. Dêrby hawwe wy it oanbod krigen fan de gebietskommisje Drinte (GK Drinte) om ús dêrby te stypjen troch alle ynformaasje te dielen. De GK Drinte is alhiel wol ree om gear te wurkjen. De GK Drinte stelt wol foar dat alle provinsjes in eigen gebietskommisje hawwe, ynklusyf eigen finansjele regelingen foar ûnder oare preventive maatregels (stekken).

Fraach 4:

Wolven litte har net troch (provinsje-)grinzen tsjinhâlde. Op hokker wize soe Fryslân him oanslute kinne by de gebietskommisje fan Drinte en/of de kennis yn Drinte brûke kinne om it Fryske fee te beskermjen?

Antwurd fraach 4:

Wy binne fan betinken dat de beskikbere kennis út Drinte in mearwearde wêze kin foar it omgean mei de wolf yn Fryslân. Sa't by de beäntwurdiging fan fraach 3 al oanjûn is, is it foarstel om de gearwurking op te sykjen. Dêrby sil gebrûk makke wurde fan de kennis en ûnderfining dy't de gebietskommisje Drinte al opdien hat.

Wy ferwachtsje dat wy jimme hjirmei foldwaande ynformearre hawwe.

Mei rju achtginge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius-Riemersma, MBA MCM, siktaris